



de Ear

Nijsbrief fan it Frysk Oekumenysk Wurkferbân Earnewâld
Jiergong 10, nûmer 36, juny 2007

Noach en de Ararat

No't de fakânsjetiid op hannen is en de dagen langer binne, hoopje ik altyd dat ik in moai boek fine kin om te lêzen. Op dit stuit bin ik dwaande mei it boek 'Ararat' fan Frank Westerman. Westerman is ek bekend fan de boeken 'de Graanrepubliek' en 'Ingenieurs van de ziel'. De styl fan Westerman is lykas in mozayk, it hinget gear fan mytes, ferhalen, reisferhalen en feiten.

Yn de rin fan in ferbliuw yn 1999 yn Armeenje, rekket de auteur, dy 't in protestantske eftergrûn hat fan hûs út, yn de ban fan de berch Ararat. Dy berch leit op it grinsflak fan Turkije, Armeenje en Iran. Sawol neffens de bibel as de Koaran, is it in hillige berch om 't de Ark fan Noach hjir nei de grutte floed op droech fallen wêze soe. De Armeenjers nimme dit ferhaal letterlik. De Ararat is in fulkaan dy 't aktyf wie oant yn it tredde millennium foar Kristus, mar ek yn 1840 wie der noch in heftige ierdskok dêr't religieuze gebouwen by ferneatige waarden. Dy ramp seagen in soad minsken as teken fan God en sa waard de myte hieltid mear optúgd en de bewizen foar de myte waarden fûn yn bibelske boeken. Dat is in ferskynsel dat wy faker tsjinkomme. Sa binne der ek hjoed de dei guon dy't sizze dat se de eintiid foarspelle kinne. Neffens guon 'bibelkenners' rûn de Ark fan Noach fêst op de Ararat op 5 maaie 2348 foar Kristus, gjin dei earder as letter. Sa moat dit ferhaal wer bewiis wêze foar it skeppingsferhaal fan Genesis.

De reis nei de Ararat is foar de auteur in syktocht nei it grinsflak tusken religy en wittenskip: 'wêr is de God fan myn bernebibel? Wa of wat hat syn plak ynnaam?' Dy fragen wurde foar de skriuwer wichtiger as er sels heit wurdt en sa konfrontearre wurdt mei syn eigen godstsjinstige eftergrûn. Troch de ekspedysje te ûndernimmen en de Ararat te beklimmen, wol de skriuwer syn eigen jeugd en syn religieuze opfieding en syn hjoeddeistich kritysk rasjonalisme, op de proef stelle. Hy freget him ôf hoe 't it kin dat minsken de ferhalen oer de Ark fan Noach en de floed, letterlik nimme kinne. En hy

freget him ôf wêrom 't minsken de berch beklimme om harren leauwen te befêstigjen. Wêr komt dat langstme wei? Wêrom gelyk helje wolle as it giet om saken fan it hert? Is leauwen wol yn oerienstimming te bringen mei it yntellekt? Moat in minsk dat eins wolle?

Ik tink dat wy, seker ek mei de lêzingen dy 't wy hân hawwe oer mystyk en spiritualiteit, wol sizze kinne dat 'seker witten' yn termen fan rasjoneel witten, ferfongen wurde kin troch 'inerlik witten', as wy prate oer religy. Wy kinne berekningen meitsje oer hoe lang de ierde bestiet, of wannear de ierde fergean sil, mar it bliuwe wat my oanbelanget 'gedachteneksperimenten'. Gymnastyk foar de harsens. Wêr 't it om giet yn it leauwen, is neffens my in gefoel fan godsfertrouwen, dat sterker is as de feiten fan it libben. De ferhalen út de bibel geane oer minsklike ûnderfinings en de oertsjûging dat it libben, nettsjinsteande de somtiden drege gong derfan, dôchs fan wearde is. Sa jout it bibelsk boadskip treast, hoop en romte.



Berch
Ararat

Hjirby moat ik tinke oan in útspraak fan André Gide: 'Ik bin in ûnleauwige. Ik sil nea in goddeleaze wurde'. Gide is in Frânske skriuwer dy 't yn 1947 de Nobelpriis wûn foar literatuer. Dy útspraak fan him stiet foar in libbenshâlding dêr't Gide mei oanjaan woe dat it libben foar him boppe de lear gie. It langstme nei it mystearje en de erkenning dat God grutter is dan alle betochte ferhalen, makken dat hy dat sizze koe. Wy dreame yn bylden, yn ferhalen en sykje treast as de werklikheid ús dingen sjen lit, dy 't eins net wêze meie. Wy wolle it net sa ha, it libben soe dochs mear wêze moatte as...? Wêr't it ferstân net mear by komme kin, en wêr't
(ferfolch op side 3)

Preekrige

De tsjinsten fan it Frysk Oekumenysk Wurkferbân binne yn 'e Herfoarme Tsjerke.

17 juny	9.30 oere	Drs. Y. Hiemstra, Feanwâlden	Fryske tsjinst
24 juny	9.30 oere	Ds. J. Koop, Easterwâld	Fryske tsjinst
1 july	9.30 oere	Dhr. K. Zondag, Feanwâlden	Frysk Oek. Wurkferbân
8 july	11.00 oere	Dhr. P. Fortuyn, Deinum	Fryske tsjinst
15 july	9.30 oere	Frou I. Bouwhuis-Minnema, De Jouwer	Fryske tsjinst
22 july	9.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Fryske tsjinst
29 july	9.30 oere	Ds. Nieboer, Beetstersweach	Fryske tsjinst
5 augustus	9.30 oere	Dhr. K. Zondag, Feanwâlden	Frysk Oek. Wurkferbân
12 augustus	9.30 oere	Dhr. L. Durksz, Surhústerfean	Fryske tsjinst
19 augustus	9.30 oere	Frou I. Bouwhuis-Minnema, De Jouwer	Fryske tsjinst
26 augustus	9.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Fryske tsjinst
2 septimber	9.30 oere	Ds. A. Kobus, Reduzum	Frysk Oek. Wurkferbân
9 septimber	9.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Fryske tsjinst
16 septimber	9.30 oere	Ds. K. Visbeek, De Westerein	Fryske tsjinst
23 septimber	9.30 oere	Drs. J. Veenstra, De Rottefalle	Fryske tsjinst
30 septimber	9.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Fryske tsjinst
7 oktober	9.30 oere	Dr. R. Klooster, Ljouwert	Frysk Oek. Wurkferbân

Earnewâldster Rûnte

Op tiisdei 26 septimber 2006 iepene de earste ynlieder, Prof. dr. Auke Jelsma, it seizoen 2006-2007 fan de Earnewâldster Rûnte. It tema wie 'Mystyk en Spiritualiteit'. Dit tema is in wat dizich begryp yn de teology. Yn it algemien soenen we sizze kinne dat mystyk te krijen hat mei in djippe godserfaring dy 't kenmerke wurdt troch in sterk gefoel fan yntimiteit. It hat te krijen mei it langstme fan de minsk hiel ticht by God te wêzen. Of, lykas Jelsma it ferwurde: 'De begripen mystiek en spiritualiteit hebben met onze diepste gevoelens en ervaringen te maken'.

Wat dúdlik waard yn de ferskillende lêzingen, is dat mystike kennis mear mei it gefoel te krijen hat as mei hurde wittenskiplike kennis. Net in rasjoneel witten, mar in inderlik witten. Dêrom is mystyk ek wat dizich, it is ommers net fêst te lizzen yn de gongbere wittenskiplike taal? Miskien is dit ien fan de redenen dat guon minsken wol wat muoite hienen ien en oar te folgjen. Men moat faaks ek wenne oan it taalgebrûk en de bylden dy 't hearre by de mystyk. Dy binne troch de bank wat oars as wat der earder presintearre is op 'e Earnewâldster Rûnte. Dochs koenen de measte minsken wurdearring opbringe foar it tema en de sprekkers. As wurkgroep binne wy der dochs yn slagge der in ferrijend en ynteressant seizoen fan te meitsjen.

Foar it kommende seizoen 2007-2008 haw wy it folgjende betocht. It tema sil wêze: '*Feroarings yn it religieuze lânskip, útdaging of bedriging?*' Wy wienen fan betinken dat wy omtinken jaan moatte oan de hjoeddeistige ûntjouwings as it giet om religy en godstsjinst. Út in eardere evaluaasje kaam ek nei foaren dat guon minsken ynteressearre binne yn sawol de wrâldgodstsjinsten as maatskiplike feroaringen. Wy hawwe besocht hjir in kombinaasje fan te meitsjen en wy tinke dat it tige nijsgjirrich wêze sil. Sprekkers sille wêze:

25 septimber 2007 drs. J. Greven (Ynlieding),
6 novimber 2007, dhr. H. Mintjes (Oer de Islam),

11 desimber 2007, imam van Bommel, (Oer de Islam fan binnen út)

8 jannewaris 2008, drs. A. Kamp, (oer de betsjutting fan it Zenboeddhisme en de populariteit hjirfan yn it westen),

5 febrewaris 2008, prof. dr. Ruard Ganzevoort, (oer de Evangelyske bewegings)

4 maart 2008, dr. S. Ypma (oer it Ytsisme)

Wy hoopje op in moai seizoen, graach oant sjen.

De wurkgroep ER, Tine van Minnen, Alie Dijk, Rienk Klooster, Tjabel Klok, Anje Wester, Oeds Zanstra, Yvonne Hiemstra en Geeske Mulder.

(ferfolch fan side 1)

de taal fan de wittenskip ferstommet, dêr ûntstiet de ferwûndering en it langstme nei treast. En ferhalen binne machtige ynstruminten.

It feit dat Westerman de top fan de Ararat net berikke koe, makket dat de grutte fraach fan de skriuwer ûnbeäntwurde bliuwt. En sa bliuwt it mystearje wat it is. It net berikken fan de top fan de Ararat past alhiel yn de prachtige tradysje fan bibelske symbolyk. Wie it ek net sa dat Moazes, dy 't der sa'n hûd fol wurk fan hân hie it opstannige folk út Egypte te heljen, dwers troch de woestyn gear moast en Kanaän, it lân dat it folk tasein wie, no krekt sêls net yn gear mocht?

Mar it is deselde Moazes dy't frege út namme fan wa 't er nei de Farao gear moast om syn folk te befrijen. God joech him as antwurd: 'Sis mar dat *'Ik bin dy 't Ik bin dy stjoerd hat'*. De fjouwer letter namme, JHWH, klaait de identiteit fan God yn mystearje. Mar Ik sil mei dy mei gear sa 't ik mei dy mei gear sil. En út dy ûnderfining fan trou wei koe Moazes yn syn lofliet sizze dat hy him droegen wist troch de God, dy 't *lykas in earnfûgel syn jongen draacht op Syn wjukken*. Gods trou rikt fierder as de grinzen fan Kanaän en sil him net opslute litte binnen de grinzen fan de wittenskip. De ferfolging leit miskien net yn it berikken fan de top, yn termen fan minsklike ynspanning. De minske is net oerlevere oan himsels en syn eigen ynspanning. Rêding komt fan Godswege. As dat de tsjutting wêze kin fan it ferhaal, dan kin ik net oars as leauwe dat de Ark fan Noach te finen is op de Ararat. En gjin wittenskipper dy 't my hjir fan ôfhâlde kin.

Yvonne Hiemstra

De Ijurk en de kikkerts

(in Sineeske pinksterfabel fan Chuang Tsu)

Der wie der ris in maatskippij fan kikkerts dy libben op de boaiem fan in djippe, dûnkere put. Se seagen dêr hielendal neat fan de bûtewrâld.

Se waarden bestjoerd troch in grutte opperkikkert, in grutte bullebak dêr't elkenien benaud foar wie en dy't sei dat hy eigner wie fan de put mei alles dat der yn siet. Hy die noait wat en libbe fan it wurk dat de ûnderkikkerts foar him dienen. Sy wrotten de hiele dei troch de modder en sochten michjes, wjirmkes en sa dêr't de opperkikker al mar grouwer fan waard.

Sa út en troch fladdere der in nuveraardige Ijurk de put yn om de kikkerts ta te sjongen oer de moaie dingen dy't er sjoen hie op syn reizen oer de wrâld; hy song oer de sinne, de moanne, de

stjerren, de hege bergen, de griene greiden, de grutte marren en de wide romte yn de loft. Hieltyd as de Ijurk op besite kaam, joech de opperkikkert opdracht oan de ûnderkikkerts goed te harkjen nei wat de Ijurk sei. 'Want hy fertelt jimme' sei de opperkikkert, 'oer it lokkige lân dêr 't alle kikkerts hinne geane as beleaning nei dit libben fol fan ellinde.' Sels tocht de opperkikkert, dy't dochs al heal dôf wie en net krekt hearde wat de Ijurk song, dat dy Ijurk hielendal gek wie.

De ûnderkikkerts hienen har earst wolris op in dwaalspoar sette litten troch wat de opperkikkert sei. Mar nei ferrin fan tiid wienen se synysk wurden oer mearkes lykas de Ijurk dy fertelde en se wienen ek ta de konklúzje kommen dat de Ijurk mear as in bytsje gek wie.

Fierder wienen se troch in pear frijthinkers ûnderkikkerts der fan oertsjûge rekke dat dizze fûgel troch de opperkikkert brûkt wie om harren te treasten en ôf te lieden mei ferhalen oer hoe moai as it letter wol net wurde soe as se dea gear soenen. 'Dat is allegearre leugene' rôpen de ûnderkikkerts.



Mar by de ûnderkikkerts wie ek in filosoof dy't in nij en nijsgjirrich idee krigen hie oer de Ijurk. 'Wat de Ijurk seit is net hielendal in leagen', sei de filosoof, en it is ek net allegearre ûnsin.

Wat de Ijurk ús besiket te fertellen, op syn wize, is wat foar moai plak wy fan dizze earmoedige put meitsje kinne as wy dat wolle.

As hy sjongt oer de sinne en de moanne, bedoelt er prachtige nije foarmen fan ferljochting dêr't wy de tsjusternis út ús libben mei ferdriuwe kinne soenen.

As er sjongt oer de wide waaiende loft, bedoelt er de sûne fentilaasje dêr't wy fan genietsje kinne soene yn stee fan de fochtige stjonkende lucht dêr't wy oan wend binne.

En it belangrykste; as er sjongt oer it frij en wyld fleanen ûnder de stjerren, bedoelt er de frijheid dy't wy allegearre kenne sille, as de lêst fan de opperkikkert fan ús weinommen is.

Jimme sjogge dus wol, dizze fûgel fertsjinnet net om útlake te wurden; hy fertsjinnet om priizge te wurden om't er ús wer ynspiraasje en hope jout.'

Adressen fan it Wurkferbân

Dr. Rienk Klooster, redaksje
Grinzerstrjitwei 34, 8921 TR Ljouwert
Till. (058) 251 94 25
E-post-adres: h.a.klooster@hccnet.nl

Tine van Minnen, skriuwster/redaksje
Wâlddyk 9, 9294 LG Aldwâld
Till. (0511) 40 85 56 / 06-20600409
E-post-adres: tine.vanminnen@kpnplanet.nl

Oare bestjoersleden:

Drs. Y. Hiemstra
(foarsitter fan it wurkferbân)

D. den Hoed	(0511) 53 95 58
J. Landheer	(0511) 53 97 23
M. v. d. Molen	(0511) 53 93 14
J. Siderius	(0511) 53 92 82
A. de Vlas	(0511) 53 93 13
G. Wester-Herder	(0511) 53 92 08
A. Veldboom	(0511) 53 92 86

Bankrekken fan it Frysk Oekumenysk
Wurkferbân Earnewâld: 34.98.14.058
Ynternet: www.fowe.org

Mei tank oan de kikkertfilosoof krigen de ûnderkikkerters wer in nij sympatyk byld fan de Ijurk. Doe't de revolúsje kaam – want revolúsjes komme altyd – setten de ûnderkikkerters it byld fan de Ijurk op harren flagge. Neidat de opperkikkert oan kant setten wie, waard de dûnkere, fochtige put prachtich ferljochte en fentilearre; it waard in noflik plak om te libjen.

Mar de nuveraardige Ijurk kaam noch hieltyd op besite mei ferhalen oer de sinne, de moanne, de stjerren, de hege bergen, de griene greiden, de grutte marren, de wide romte yn de loft en alles wat er dêr belibbe.

'Miskien is dizze fûgel dochs wol gek', sei de kikkertfilosoof; 'wy ha yn alle gefallen gjin ferlet mear fan dizze lieten. Je wurde der ek wurch fan om hieltyd mar lûsterje te moatten nei fantasijen, dy't har sosjale betsjutting ferlern hawwe'.

Op in dei is it de kikkerters slagge om de Ijurk te fangen se hawwe him opset en yn har nije museum delset op in eareplakje.

Tige tank

Hjirby wolle wy Tsjerkeried en Wurkferbân tige tankje foar de blommen dy't wy krigen op ús 50 jierrige troudei. Wy ha in prachtige dei hân.

Anna en Koos Landheer

Iepen tsjerke

Dat de tsjerkedoarren faker iepen moatte hat op snein 15 en 22 april wol bliken dien.

De Herfoarme tsjerke yn Earnewâld hat doe "iepen hûs" hâlden fan 2 oant 5 oere middeis.

Der wie tige moai skilder- en tekenwurk te sjen fan Rienk Klooster.

Fierder koe elkenien ynformaasje meinimme oer de gebouwen en oer hoe't it rydt en fart yn sawol de Herfoarme as de Grifformearde tsjerke yn Earnewâld.

Minsken wiene nijsgjirrich om yn it âlde tsjerkje te sjen, te genietsjen fan it skilderwurk of om samar efkes stil te sitten. Der wiene ek hiel aardige petearen by it gean en kommen fan de minsken mei de frijwilligers fan it F.O.W.E. dy't dizze middei yn tsjerke oanwêzich wiene en it gehiel organisearre ha.

Sjoen de reaksjes fan de besikers meie wy gerêst sizze dat in "iepen doar" tige sinfol is.

Gryt Wester en Anneke de Vlas

By ferkeard adres werom nei:
Wâlddyk 9, 9294 LG Aldwâld

www.fowe.org

Al yn 2004 hie it bestjoer fan it Wurkferbân besletten, dat der in eigen hiemside (website) komme moast. Letter waard neitocht oer in mienskiplike hiemside mei de oare wurkferbanen, mar om't dat net bot opskeat, ha wy no trochset en in begjin makke mei ús eigen website: www.fowe.org.

Gjin .nl, want dy wie al fersein. ORG dus.

Alle ynformaasje oer tsjerketsjinsten, aktiviteiten, Earnewâldster Rûnte, eardere útjeften fan de Earn ensfh. binne hjir te finen, krekt lykas guon preken en ferslaggen fan lêzingen.

Ha jo aardige artikels/feiten/foto's/mieningen om ek op de hiemside te setten? Stjoer se dan nei de webmaster: jan.lautenbach@kpnplanet.nl

Wy hoopje dat wy sa it kontakt mei ús efterban ferbetterje kinne en nije belangstellenden nijsgjirrich meitsje nei it Wurkferbân.

Jan Lautenbach